



JIERFERSLACH 2021

Utgouwerij Grotesk
Boomstraat 32d
1015 LC Amsterdam
ynfo@grotesk.site
020 693 86 31



Ynhâld

Foaropwurd fan de foarsitter	2
1 Ferslach fan it bestjoer	3
1.1 Fisy, missy, doel en oanpak	3
1.2 Barren en wurk	3
1.3 Súksessen en wjerslach	3
2 Takomst	4
2.1 Aktiviteiten	4
2.2 Projekten	4
3 Organisaasje	5
3.1 Bestjoer	5
3.2 Wurknimmers	5
4 Jierrekken	6
4.1 Balâns	6
4.2 Steat fan baten en lêsten	7
4.3 Taljochting op 'e balâns en steat fan baten en lêsten	7
4.4 Ferklearring fan de Kaskommisje	9
5 Begrutting	10
5.1 Risseltatebegrutting	10
5.2 Taljochting begrutting	10
Bylagen	12
It útjoufûns	



Foaropwurd fan de foarsitter

2021 is in histoarysk min jier foar de de kultuersektor. De koronakrisismaatregels folgje inoar op. It faskinearjen komt mar stadich op gong. Noch altyd ferlieze wy famylje en freonen. It lânsbelied komt derop del dat boargers thús sitten bliuwe moatte dêr't se sitte yn it belang fan de folkssûnens. Yn 'e polityk ûnderfine wy in ferskowing nei it autoritarisme. Neffens autoritêre liederen is de beskaving altyd yn gefaar. Dat komt troch de oaren, dy't meitsje dat 'wy' ús ferdreaun fiele út ús eigen stee. Dêrtroch komme kultureel ferskaat en de erkenning fan minderheidstalen – noch mear – ûnder druk te stean. Namstemeardocht, ek foar Grotesk, de needsaak bliken fan *digitaal* ferskaat en talich ferskaat op it ynternet.

1. Ferslach fan it bestjoer

Yn it jier 2021 befrearen koronafirusmaatregels de keunst en kultuer. De Gysbert Japicxpriis-útrikking sil trochgean. Mar it slagget de Fryske oerheid net en skep in breed draachflak foar de priis, sadat dy de fan de minderheidskultuer fuortsterket. Der is adhoc-belied. De Fryske Akademy ferfangt it prima Frysk ynternetwurdboek Taalweb foar minwurkjende oersetsoftware. De provinsje lûkt 7,5 miljoen út foar in kuierjend bosk-festival. Jild foar de rânebetingsten sadat keunstners wurkje kinne is der net. It ropt de klacht yn 't sin fan skriuwer Henry James, dat in “huge democratic broom” troch it ferline helle is en in nij tiidrek ynlaat hat fan “the new, the simple, the cheap, the common, the commercial, the immediate, and too often, the ugly.” Keunst hoecht niet elitêr te wêzen, mar moat wol wurdearre wurde.

1.1 Fisy, missy, doel en oanpak

De fisy fan Grotesk is de nije generaasjes in artystyk krêftige Fryske literatuer te bringen. Us missy is it fersprieden fan Frysktalige literatuer. Us oanpak is dy fan lytsskalige projekten en promoasje yn hieltyd gruttere kriteren.

1.2 Barren en wurk

It fyfde jier fan Grotesk wie, nettsjinsteande de pandemymaatregels, drok. It tydskrift Fers2 wijt in rige rige artikels oan misstannen om de útrikking fan de Gysbert Japicxpriis, set in aksje op tou foar earlikheid, kwaliteit en draachflak en advisearret de provinsje. Ek sette Fers2 en Grotesk de Keukentafelspetearen op: de alderearste Fryske keunstpodcast.

Net trochgje de rol dy't Fers2, as ien fan de Fryske tydskriften, spylje soe in de Gysbert Japicx-wike. Tresoar karde al ús plannen foar aktiviteiten ôf – lykas firtuele wurkwinkels oer jo eigen boek promoatsjen en selsútjaan yn Fryslân. Dy aktiviteiten los fan Tresoar útfiere, mei frijwilligers, wie op koarte termyn net mooglik.

It doel foar dit jier, bettere manuskripte-akwisysje, is net opnij helle om't yn 2021 fysike gearkomsten net mooglik wiene. It Grotesk-bestjoer hold ûnregelmjittich mar faak tillefoanysk kontakt. It beslútnimmen ferrûn fia de berjochtetsjinsten en de 'cloud'.

1.3 Súksessen en wjerslach

- In goed lêzen literêr tydskrift: yn 2021 deisk 250-300 besikers trochinoar.
- De boekferkeap gie goed, fia de webside likegoed as fia de Fryske boekhannels
- De ein 2020 útjûne debútbondel poëzij krige de status bêste dichtbondel fan 2021 fan de Ljouwerter krante
- De alderearste Fryske keunstpodcast stiet op it wrâldwide web en is de ôflevering 30 – 40 kear beharre.
- Suksesfolle akwisysje: wy sille proaza útjaan fan Elmar Kuiper en poëzy fan Abe de Vries

G

Grotesk hat no meiinoar sân wurken útjûn, en dêrby is safolle mooglik rekken holden mei hoe't de skriuwer wurkje woe. Drege, fergetten of eksperimintele dichters binne út ferjitnis rêden. Postmoderne selsrefleksive fertelfoarmen binne útprobearre. Us mikroskiednis is útpluze. Krityske kreative nonfiksje is besocht. De skriuwershrou-memoire, in ynternasjonaal bekend sjenre, is no yn Fryslân yntrodusearre.

2. Takomst

Yn 2022 sille wy wurkje oan tsjinstferliening oer it ynternet. Want troch de pandemy brûke minsken it ynternet op nije manieren. Wy fernije de webside fan Grotesk en Fers2, meitsje har geskikt foar tillefoan en tablet en better te finen. De profesjonalisearring fan de skriuwer en it oanbod fan ynstruminten bliuwe essinsjeel. Wy wurkje, mei frijwilligerswurk, oan in rymwurdboek en in synonymefiner. Wy biede mear modelauteursrjochtkontrakten en modelopdrachtoerienkomsten oan yn de Fryske taal. Wy gean troch mei ús te profilearjen as saakkundige redakteuren, foar poëzij en proaza. Dat helpt ek de akwisytsje.

Grotesk wurke al duorsum en hie in papier-earme organisaasje, mar de doelen fan ferline jier bliuwe stean: wy sille ús noch klearder profilearje as e-business. De akwisytsje fan manuskripten sil aktiver, net rjochte op de 'literêre jeugd' mar op de bedreaune keunstner dy't wy helpe kinne by mear komplekse útjouprojekten, lykas yllustrearre of 3D boekobjekten.

Yn 2022 sille wy fernijend wurk pubisearje, online en ek op papier, alderearst de útjouprojekten net yn 2021 net útfierd binne.

2.1 Aktiviteiten

- Utjefte yllustrearre dichtbondel yn beheinde oplaach (50-100), foar in part finansiere mei fûnsen foar Frysktalige literatuer oanfolle mei aparte stipe foar de bylden.
- Utjefte esseebondel oer it skriuwen fan poëzy, finansiere mei provinsjale subsydzje.
- Ien iepenbiere promoasje-event mei lêzingen, workshops en boekferkeap.

2.2 Projekten

Fers2 sil in nij jaske krije en ek in nije fyzje: de Fryske artistike literatuer moat net yn 'e slachtofferrol komme, mar ferdivedaasje biede en ynsjoch yn 'e minsklike kondysje.

It twadde projekt yn 2022 is it projekt 'ûnbeskate lûden': in iepenbiere fideosearje fraachpetearen mei Fryske keunstners mei in gastminsk en publyk (semi-scripted). De doelen binne: kennisútwreiding fan de (jonge) kollegakeunstners, kontinuïteit fan it maatskiplik debat oer keunst, en yn it earste plak it leechdrompelich beheljen fan it publyk by keunst.

In tredde projekt is in rige boekbesprekken op TikTok; realisearjen kin krekt post-covid-19.



3. Organisaasje

Utjouwerij Grotesk is in stichting mei in kulturele ANBI-status.
It KvK-nûmer is 66810531.
It RSIN is 856706723.

De kontaktgegevens fan Utjouwerij Grotesk binne:
Boomstraat 32d
1015 LC Amsterdam
ynfo@grotesk.site
020 693 86 31
www.grotesk.site

Grotesk is oansletten by de Vereniging van Zelfstandige Uitgevers en by Boeken fan Fryslân.

3.1 Bestjoer

It bestjoer bestiet út trije leden foar ûnbeskate tiid dy't net betelle wurde foar bestjoerstaken, mar it boekefak sjogge as ropping. Alle bestjoersleden binne ek redakteur, mei ûnderfining yn fiksje en nonfiksje. De bestjoersleden kinne gjin ûnôfhinklike besluten nimme.

Foarsitter:	Hannah Wolff
Skriuwer:	Hannah van der Heijde
Ponghâlder:	Friduwih Riemersma

3.2 Wurknimmers

Yn 2021 hawwe der gjin wurknimmers yn tsjinst west. Ek hat Grotesk gjin gebrûk makke fan stazjêrs en ek net fan frijwilligers. Foar safier't it bestjoer redaksjeaktiviteiten útfierd hat, wie dat as freonetsjinst.



4. Jierrekken

De jierrekken en dit jierferslach binne goedkard troch it bestjoer op 16 april 2023. It goedkarren is opnij mei in mits: wy moatte 2022 ús fermogen ferlytsje. De jierrekken 2021 is apart publisearre, op grotesk.site.

4.1 Balâns

Balâns op 31-12-2021 (yn euro's)			
	Talj.	31 desimber 2021	31 desimber 2020
AKTIVA			
<i>Fêste Aktiva</i>			
<i>Omgeande aktiva</i>			
Foarrie Ree Produkten	1	612	1.020
Debiteuren		0	160
Likwide middels			
Bankrekken	2	11.739	11.358
Kas	3	180	180
MEI-INOAR		12.531	12.718
PASSIVA			
Eigen fermogen	4	11.993	12.144
Reserve Projekt Fers2	5	538	574
Koartrinnende skulden	6	0	0
MEI-INOAR		12.531	12.718



4.2 Steat fan baten en lêsten

Steat fan baten en lêsten oer 2016	Talj.	2021 €	2020 €
<i>Baten</i>			
Subsydzjes, jeften, stipe	7	0	2.675
Opbringsten út PoD en ferkeap	8	806	682
Foarrie ree produkt	9	612	1.020
<i>Baten mei-inoar</i>		1.418	4.377
<i>Lêsten</i>			
Algemiene lêsten	10	323	577
Tariedingskosten	11	0	260
Boekûntwerptsjinsten	12	0	0
Produksjekosten	13	0	923
Kosten ferkeap, marketing en royaltys	14	102	160
Platfoarm-aksjes	15	0	1.163
<i>Lêsten mei-inoar</i>		425	3.083
Foardielich saldo		993	1.294

4.3 Taljochting op 'e balâns en steat fan baten en lêsten

Hjirûnder ljochtsje wy de spesifike posten út de balâns op 31 desimber 2021 neier ta.

Omgeande aktiva: 2021 €

1 Foarrie ree produkten 612

It giet om in foarrie fan 102 noch net ferkochte publikaasjes mei in trochsneed produksjewearde (printkosten) fan 6,00 euro.

Likwide middels:

2 Bankrekken Triodos 11.739

3 Kas 180

De likwide middels stean ta frije beskikking fan de stichting, útsein de reservearringen foar it projekt Fers2; mei de projektorganisaasjes binne aparte ôfspraken makke, en dêrûnder dat de stichting har finansjes beheart en transparant makket, sjoch hjirûnder 5.



Passiva:

4 Eigen fermogen 11.993

It eigen fermogen is in kontinuïteitsreserve, dy't allinne mar tsjinnet om de doelstellingen fan de stichting ferwerklikje te kinnen. It stichtingsbestjoer hat fêstlein dat de kontinuïteitsreserve net grutter wêze mei as 10.000 euro. It eigen fermogen is yn 2021 ôfnommen mei € 152. Dat komt benammen troch de boekferkeap en it slinkjen fan de foarried.

5 Reserve Projekt Fers2 574

De reserve fan it literêr tydskrift *Fers2* komt út partikuliere stipe (de webhosting fan € 7 is in sinking, bûten de boeken bleaun) en is ornearre foar in papieren *Fers2*-blomlêzing yn 2022.

6 Koartrinnende skulden 0

Der binne gjin noch út te kearen foarskotten/royaltys oan auteurs. Om de pandemy en syn gefolgen foar de keunstsektor skinke de auteurs it royaltybedrach oer 2021 oan Grotesk.

Hjirûnder ljochtsje wy de spesifike posten út de steat fan baten en lêsten oer 2021 neier ta.

Baten: 2021 €

7 Subsydzjes, jeften, stipe 0

Projektsubsydzjes en donaasjes foar boekútjaan en literêre aktiviteiten

8 Opbringsten út PoD, tsjinsten en ferkeap 806

Printing on demand-útjaan foar partikulieren, nij en út reserve; alle redaksje- en útjoutsjinsten

9 Foarrie ree produkt 612

It giet om in foarrie fan 170 noch net ferkochte publikaasjes mei in trochsneed produksjewearde (printkosten) fan 6,00 euro

Lêsten:

10 Algemiene lêsten 623

a. Bankkosten Triodos, Sepay, GWk 202

b. Lidmaatskip brânzjeferiening 12

c. Bestjoers-, reis-, repres.kosten 109

11 Taryedingskosten (alle redaksjtsjinsten en yllustraasje) 0

12 Boekûntwerpkosten 0

13 Produksjekosten	0
Printkladden, printsjen, printing on demand en identifikaasjekosten (isbn; CB)	
14 Kosten ferkeap, marketing en royaltys	102
Boekpresintaasje- en promoasje	24
Distribúsjekosten	79
Foarskot/royaltys	0*
* De royalties fan meiinoar € 112 binne net útkeard, want as donaasje beskôge troch de skriuwers	
15 Platfoarm-aksjes	0

Koartrinnende kursussen en konferinsjes om it skriuwfak en it sels-útbringen te ûnderstypjen

4.4 Ferklearring fan de Kaskommisje

De jierrekken wurdt opsteld ûnder ferantwurdlikens fan de ponghâlder. It bestjoer hat yn 2016 ôfpraat en yn 2021 bekrêftige dat gjin gebrûk makke wurdt fan ekstern ûnderstypjen by it opstellen en de kontrôle fan de jierrekken. De jierrekken fan 2020 is kontrolearre troch in kaskontrôlekommisje. Ek oer it jier 2021 hat de kaskontrôlekommisje in yntegrale kontrôle ferrjochte. De kaskontrôlekommisje ferklearret dat finansjele ynformaasje folslein, korrekt en aktueel is, begjin en einsaldi korrespondearje mei de bankôfskriften, en de ynkkomsten en útjeften ferantwurde binne mei skriftlike en digitale (pdf) beskieden; de kaskontrôlekommisje hat fierder gjin opmerkingen oer de finansjele stikken. Wol riedt de kaskontrôlekommisje oan om de boekhâlding te ferienfâldigjen en wiist opnij op it hege fermogen.

Ferklearring fan de Kaskommisje

Oan:
Stichting Grotesk
Boomstraat 32d
1015 LC Amsterdam

Underskreune(n):
Namme: Dalíscha de Kok
Adres: Zaanstraat 42
PK en wenplak: 1013 RW AMSTERDAM
en
Namme:
Adres:
PK en wenplak:

Ferklearre/ferklearre hjirby dat hy/hja alle stikken en beskieden, dy't de eksploitaasje oer it tiidrek 01 Jan. 2021 oant en mei 31 Dec. 2021, en de balâns fan 31 Dec. 2021 fan de stichting Grotesk te Amsterdam oanbelange, kontrolearre hat/hawwe en dy yn oarder achtsje. De Kaskommisje fersiket de gearkomste om de bestjoerder(s) desjarzje te ferlienen foar it fierde finansjele belied oer it tiidrek 01 Jan. 2021 oant en mei 31 Dec. 2021.

Plak Amsterdam... datum 15 apr. 2023

Namme(n) en hantekening(en):
Dalíscha de Kok 

Grotesk Jierrekken 2021 2

5. Begrutting

5.1 Utgongspunten foar de begrutting 2022

- Wy rjochtsje ús op prosesûnderstypjen, lykas skriuwbegelieding, en sille net mear as twa útjeften yn produksje nimme.
- De maatskiplike taak fan ferheegjen fan de lêsmotivaasje – it faaljend lêsunderwiis fergruttet de ûngelykheid – troch sosjale ynteraksje en in gefoel fan ferbûnens om boeken hinne te kweekjen.

Risseltatebegrutting

	Begrutting 2022	Begrutting 2021	Ferskil
KOSTEN			
Tariedingskosten + boekûntwerp	0	50	-50
Produksjekosten	0	1000	-1000
Distribúsjekosten en kosten út ferkeap	100	100	0
Promoasjekosten	0	800	-800
Foarskot/royaltys	50	50	0
Platfoarm-aksjes	5.600	0	5.600
Algemeene kosten	575	300	275
Unfoarsjoen	0	0	0
KOSTEN MEI-INOAR	6.325	2.300	
OPBRINGSTEN			
Tsjinstferliening	0	100	-100
Produksjeopbringsten	350	700	-350
Subsydzjes	5.040	1.000	4.040
OPBRINGSTEN MEI-INOAR	5.390	1.800	
RISSELTAAT MEI-INOAR	-935	-500	

5.2 Taljochting

De begrutting is net basearre op de realisearre eksploitaasje fan 2021. Ommers de pandemy-situaasje jout gjin realistysk byld fan de kulturemerk. Opnij is it jild dat ferline jier en it jier dêrfoar útsparre is op (promoasje)gearnkomsten begrutte foar it jier 2022; dat jout in negatyf

G

risseltaat. De kosten sitte benammen yn boekproduksje. Grotesk kiest foar digital offset printing – de PoD-kwaliteit is ús te leech – by erkende printers. Ek sil Grotesk ekofreonlik printsjen bliuwe. De mooglik hegere kosten dêrfan wol Grotesk net trochberekkenje nei de skriuwers. Om dy reden dogge wy de boektarieding, en dêrûnder redaksje en korreksje, safolle mooglik mei sletten beurzen. Wy nimme gjin wurknimmers yn tsjinst, mar sille spesjale taken útsette by freelance saakkundigen.

Wat de opbringsten oanbelanget, om't de merk foar it Frysktalige boek hiel lyts is, sil Grotesk in berop dwaan moatte op de wichtichste subsydsjejouwer foar Frysktalige fiksje en non-fiksje, nammentlik de provinsje Fryslân, dy't útjeften stipet binnen it taalbefoarderingsramt. Foar útjeften dy't bûten it (mainstream) taalmêd falle, lykas boeken-sûnder-wurden en ek de grutmastkursus poëzy dit jier, sille fûnsen wûn wurde. Wy garandearje de subsyzjejouwers en donateurs dat mear as 90 persint fan de stipe oan de boekproduksje en -fersprieding bestege wurdt. Nota bene: Grotesk hat fêststeld dat it eigen fermogen net boppe de 10.000 euro útkomt; is dat wol sa dan bekostiget Grotesk nije útjeften út eigen bûse.

It tydskrift Fers2 krijt prinsipjeel gjin oerheidssubsydzje. Alle Grotesk-projekten hawwe in aparte projektbegrutting.

Bylage

It útjoufûns



